

Septimber 2024

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 69 nr. 4

Wat sit der yn de koer?

Programma 2024-2025

Datum	Plak*	Begjintiid	Programma
Sneon 14 sept. 2024	Utert-B	15:00 oere	Algemeine ledegearkomste, lustrumfiering en brea-iten; sjoch side 7 en fierder.
Sneon 19 okt. 2024	Utert -B	14:00 oere	Nanne en Ankie - muzyk
Sneon 14 des. 2024	Seist- N	14:00 oere	Desimbermiddei
Sneon 11 jan. 2025	Utert-B	16:00 oere	Nijjiersbesite mei sprekker Eeuwe de Vries oer de Alvestêdetocht
Sneon 15 febr. 2025	Seist-N	14:00 oere	<i>Noch net bekend</i>
Sneon 22 mrt. 2025	Seist-N	14:00 oere	<i>noch net bekend</i>

*Utert-B = Woonzorgcentrum De Bijkershoek, Utrecht

Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist;

Set dizze data alfêst yn jo bûsboekje of op 'e kalinder!

Meidielingen bestjoer

Us jierlikse Algemiene Ledegearkomste én earste middei fan it winterskoft 2024/2025 is op **sneon 14 septimber 2024** fanôf 15:00 oere.

It Keninklik Frysk Boun om utens

De jierlikse dei fan it KFBoU mei de Algemiene Gearkomste en Moetings- en Ynspiraasjemiddei is op sneon 29 maart 2025. De lokaasje is noch net bekend.

Ynformaasje oer it Boun, de kritekrantsjes en jierprogramma's fan de oare krite kinne jo fine op www.fryskbutenfryslan.fr.



50e edysje! Sjoch op www.busboekje.fr



Fan de foarsitter

De fakânsjes binne wer efter de rêch, de skoallen binne wer begûn. Dus begjint it winterprogramma foar ús krite ek al wer. Dat sil heve op 14 septimber o.s. Dan hawwe wy ús Algemiene Ledegearkomste. Wy begjinne no om 15.00 oere. Want wy hawwe ek wat te fieren. De krite Utert en Seist binne 5 jier ferlyn tegearre fierder gongen en dat hat doe de namme *Mei Inoar Ien* krigen. Dêr wolle wy ek by stilsteane.

Dêrnei hawwe wy noch in brea-iten, om healwei seizen. Graach opjaan by my, sadat wy dat trochjaan kinne oan de Bijkershoek. Myn telefoannûmer en e-mailadres steane efterop de Kritekoer. De kosten binne € 5,00. Dat kin yn de Bijkershoek betelle wurde. Wy hoopje dat d'r dizze earste gearkomste folle leden dy kant op komme kinne.

It fierdere program is ek al fierhinne op priemmen set, dat kinne jo foaryn de Kritekoer lêze.

Nei alle rein hawwe wy no wer 'lekker' waar. Ik wie it wykein mei freondinnen yn in húske om te fieren, dat wy inoar 60 jier ferlyn foar it earst moete hawwe. Wy begûnen doe oan de oplieding foar ferpleechkundige. Wy komme tsjintwurdich sa'n twa of trije kear yn it jier by inoar. Wy wienen altyd mei seis persoanen, mar we binne no noch mei syn fjouweren! Dêr hawwe wy sneon in gigantyske bui mei hurde wynfleagen meimakke. Yn mear plakken wie it, mar de bui wie oer en doe begûn it wer. Wie soenen út iten, mar dat hawwe wy nei ôfrin fan de 'buieboel' dien. Sadwaande sieten wy om 20.30 oere oan tafel. Der wie plak genôch, in soad minsken hienen ôfbelle, mar wy hienen sein, dat wy komme soenen, as de buien wat ôfsakke wienen.

No minsken, dat wie it wer foar no. Ik hoopje oant 14 septimber. Hertlike groetnis en oant dan.

Pietie Westdijk-Kaastra



Ta oantinken Tsjerk Kooistra

Op'e nij hawwe wy ôfskied nommen fan in lid fan ús krite.

Tsjerk Kooistra is berne yn Ljouwert op 1 augustus 1937. Hy wie de âldste fan acht bern en hie dêrom in grut ferantwurdlikheidsgefoel.

As jonge learde hy hoe't hy de loft en de wolken lêze moast en dát hat by him de leafde foar it waar bybrocht, sadat hy dat ynterpretearje koe.

Tsjerk hie in skerp ferstân, mar hy wie ek in man fan wetter, wyn en wolken. Hy geniete fan it ljocht, de sinne en de see, dy't altyd yn beweging wie. Elk momint nij en oars en hy belibbe dat yntins.

Tsjerk hat yn Wageningen studearre en dat hat hy, tegearre mei syn wurk, as in boarne fan gelok belibbe. Hy wie in waarme persoanlikheid en mei syn humor koe hy de loft wer iepenbrekke. Hy wie in rots yn'e brâning foar syn famylje en foar wa't syn help nedich hie. Spitigernôch krige Tsjerk in seldsume harsensykte. In namme koe der net oan jûn wurde, mar Tsjerk koe nei ferrin fan tiid net mear rinne en waard fersoarge yn ferpleechhûs Bovenwegen.

Mei harren boat hawwe Annie, hy en de beide bern in protte woelige seeën befearn, mar de woelige see fan dizze sykte wie wat oars. Dêr hie hy gjin kontrôle oer. Om syn tinzen te oarderjen hie hy Annie, dêr't er sawat 60 jier mei troud wie, hieltyd mear nedich. En dan kaam er altyd in punt wêrop hy wer fierder koe.

Nei in pear dagen fan efterútgong is Tsjerk op 11 maart 2024 ferstoarn. Ida Knobbe en ik hawwe de ymponearjende útfeart bywenne.

Trieneke Vos



Gearfetting enkête

Hjirby in gearfetting fan de enkête **‘De kommende fiif jier’** ûnder ús leden. Dizze enkête wie opnaam yn de Kritekoer fan maaie 2024, dy't útkaam is yn it ramt fan it 5-jierrich bestean fan ús krite ‘Mei Inoar Ien’ op 18 maaie 2024.

De enkête hat 26 reaksjes opsmiten. De antwurden mei de heechste skoares wurde neamd. It sjocht der dan sa út:

- De leeftiid fan 23 fan de 26 ynfollers: 70 jier of âlder.
- 11 ynfollers komme trouw op de kritegearingen en 9 sa no en dan.
- As reden foar it net kommen waard sein, dat de datum net altyd past (11 kear) of ‘net alle aktiviteiten sprekke my oan’ (5 kear).
- 17 leden fine de middei de bêste opsje en 3 soene faker komme as de gearkomsten op 'e jûn binne.
- De soarten aktiviteiten dy't de ynfollers it leafst ha: toaniel (22 kear), kabaret (20 kear), muzyk (10 kear), sprekker of lêzing (15 kear).
- Op it jierprogramma mei 6 gearkomsten (3 yn Utert en 3 yn Seist) binne de reaksjes: programma fan 6 gearkomsten is goed (11 kear), minder as 6 mar wat ‘gruttere’ aktiviteiten is ek goed (7 kear).
- Ideeën foar ûnderwerpen sprekker: skriuwer (m/f), alvestêdetocht (tariëding en ferhalen), skiednis Fryslân, Fryske literatuer, it Fryske lânskip, moaie kulturele Fryske plakken (foarfallen en útlis dêroer); koartsein in skala oan ûnderwerpen.
- Ideeën foar aktiviteiten: film/filmbylden fan Fryslân; in kuiertocht lâns âlde lânskippen yn de provinsje Utrecht mei in drankje nei ôfrin; in boattocht oer de Vecht.





- De kontribúsje is no € 12,- foar ien persoan (plus eventuele frijwillige bydrage). **Is € 12,- foar jo in goed bedrach?**

Foar in goed oersjoch steane hjir alle antwurden op dizze fraach:.

- | | |
|---|----|
| a. Gjin antwurd: | 2 |
| b. € 12,- is in goed bedrach: | 4 |
| c. Mei de de kontribúsje foar jo omheech? Ja: | 20 |
| Sa ja, wat foar bedrach mei dat dan wêze? | |
| ○ Gjin bedrach neamd | 3 |
| ○ € 15 | 3 |
| ○ € 15 - € 20 | 2 |
| ○ € 20 | 7 |
| ○ € 25 | 5 |

Jan Piet

Ferfier nei de krite middei op 14 septimber 2024

Wy hawwe mei-inoar ôfpraat, dat elkenien nei elke gearkomste komme kinne moat. Dêrom ride der nei alle krite middeis en krite jûnen auto's dy't jo ophelje kinne: **Fryske taksys!**

Om mei te riden kinne jo jo **uterlik op tiisdei 10 septimber 2024** opjaan by Trieneke Vos (030 – 691 6081). Wurdt de tillefoan net opnommen? Besykje it dan letter noch in kear, of sprek dizze boadskip yn: **“Mei Ik wol kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy. Myn telefoannummer is ”**

Wy soargje foar it nedige tal auto's. Jo wurde ophelle by de foardoar en krije te hearren hoe let jo klear stean moatte.

Wolle jo ek wol in kear **Frysketaksy-sjauffeur** wêze of hawwe jo noch in plakje oer yn de auto? Jou dit dan troch oan it bestjoer of nim sels in oar krite lid mei.

Elkenien kin meidwaan; wy binne Mei Inoar Ien!



ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE 2023/2024 fan krite 'Mei Inoar Ien'

De gearkomste is yn Utert. De wurklist fan de ALG is yn grutte halen itselde as oare jierren. Mar it is ek in bytsje feest, omdat de krite 'Mei Inoar Ien' yn 2024 fiif jier bestiet. Wy ha yn maaie in lustrum-Kritekoer útjûn en no, op dizze ledegearkomste, hawwe wy in gesellige, ferrassende lustrumfiering! Wy slute de middei ôf mei brea-iten (broodmaaltijd).



5 JIER

Datum:	sneon 14 septimber 2024	
Plak:	De Bijkershoek, Utert, Van Bijkershoeklaan 250, 3527 XL	
Programma:	15:00 oere:	Algemiene ledegearkomste - Skoft - Lustrumfiering
	17:30 oere:	Brea-iten
	± 19:00 oere:	Wer op hûs oan
Kosten iten:	€ 5,00	Graach kontant betelje yn 'e seal

Mei-ite?

De leden dy't meidwaan wolle oan it brea-iten (sop, kroket, broadsjes) kinne har oanmelde by foarsitter Pietie Westdijk. Sjoch efterop dizze Kritekoer foar telefoannûmer en emailadres.

Opjaan foar it iten graach uterlik moandei 9 septimber 2024.



WURKLIST ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE

1. Iepening troch de foarsitter en meidielingen
2. Ferslach ledegearkomste fan 30 septimber 2023 (*opnaam yn dizze Kritikoer, fanôf side 9*)
3. Ynkomen en ferstjoerde stikken
4. Jierferslach 2023/2024 fan de skriuwer (*opnaam yn dizze Kritikoer, fanôf side 13*)
5. Jierrekken 2023/2024
 - a. Jierrekken fan de ponghâlder oer it tiidrek 1 maaie 2023 o/m 30 april 2024 (*wurdt op de gearkomste útrikt*);
 - b. Ferslach fan de rekkenopnimmers;
 - c. Beneamen nije rekkenopnimmers.
6. Begrutting 2024/2025
 - a. Begrutting 2024/2025 (*yn kombinaasje mei it programma fan it kommende jier; sjoch 6b; wurdt op de gearkomste útrikt*);
 - b. Fêststellen fan it programma fan it kommende jier (sjoch side 2);
 - c. Fêststellen fan de ynlis foar it kommende jier. It bestjoer docht it útstel om de kontribúsje te **ferheegjen** nei **€ 15,00** it lid.
7. Bestjoersferkiezing

Taljochting: Oan bar fan ôfgean binne Jan Piet Bergmans en Trieneke Vos. Se binne beide op 'e nij beskikber. Mear en/of tsjinkandidaten binne wolkom. Jo kinne jo opjaan by de foarsitter.
8. Omfreegjen en sluting





Ferslach ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE KRITE MEI INOAR IEN

op sneon **30 septimber 2023** om 12.00 oere yn Utert

Foarsitter Pietie Westdijk hjit de minsken wolkom. Se freget efkes om stilte. Dan komt it sop en letter de broadsjes ensf. en wurdt der gesellich mei-inoar iten.

1. Iepening en meidielingen

Om 13.15 oere sjonge wy it Fryske folksliet. Hjirmei is de algemiene ledegearkomste iepene.

Der binne 18 minsken oanwêzich ynklusyf it bestjoer.

Der binne ôfmeldingen fan Sybren en Corrie Westra, Jan van der Werf en famylje Veenstra hat krekt ôfbelle. Fierder noch in korreksje op de gearkomste fan ferline jier: Siebren en Thea Miedema ha doe wol ôfsein, mar dat is net trochjûn op de gearkomste.

2. Fêststelle ferslach ledegearkomste fan 23 septimber 2022

It ferslach is opnaam op de siden 6 o/m 9 fan de Kritekoer fan septimber 2023. Der binne trije tekstuele korreksjes:

- Punt 5, fiifde punt: *....de âldere leden dy't net net mear: 1 kear 'net' fuort helje.*
- Punt 6, earste sin: *De kaskôntrole is útfierd troch Jan van der Werf en Herma Kloosterman.*
- Punt 7, lêste sin: *Herma en Jan wurde betanke.*

Mei dizze wizigingen is it ferslach akkoart. De foarsitter betanket foar it ferslach.

3. Ynkommen en ferstjoerde stikken

Der binne gjin ynkommen of ferstjoerde stikken foar dizze gearkomste.



4. Jierferslach 2022/2023 fan de skriuwer

It jierferslach fan de skriuwer stiet op side 9 o/m 11 fan de Kritekoer fan septimber 2023. By it punt 'Aldereinsaken' wurdt de tekst wizige:

- *...foar de âld-leden fan selskip Fryslân... wurdt: ...foar de leden fan it eardere selskip 'Fryslân' (Utert)...;*
- *Foar de âld-leden fan selskip Mei Inoar.... wurdt: Foar de leden fan it eardere selskip 'Mei Inoar' (Seist).....*

Der binne gjin fragen oer it ferslach. It ferslach wurdt goedkard mei tank oan de skriuwer.

Ut de gearkomste komt de opmerking dat de jierdeikaart mei de kadobon foar de de blommen swierder is as 20 gram. Dan kin net folstien wurde mei in postsegel fan wearde 1 en dat liedt ta strafport. Der wurdt ôfpraat, dat jierdeikaarten mei in kadobon foar de wissichheid altyd mei in postsegel wearde 2 ferstjoerd wurde sille.

5a. Jierrekken fan de ponghâlder , tiidrek 1 maaie 2022 o/m 30 april 2023

It finansjele oersjoch wurdt útrikt. It oersjoch is opsteld mei help fan twadde ponghâlder Gerrita Otten. Ponghâlder Harke Hofman jout taljochting.

- Oan stipe is ûntfongen € 645,50. Dat is in moai bedrach.
- De gearkomsten binne djoer; dat soarget foar in grut tekoart. Ek hat it te meitsjen mei it lytse oantal besikers op de kritegearkomsten.
- De Kritekoer is ien kear by in ekstern bedriuw printe yn ferbân mei sykte fan Gerrita. Hjirtroch is it bedrach op de rekken in stik heger as yn de begrutting.
- It bedrach foar it FBoU is wat heger troch it beteljen fan twa jierren ôfdracht yn ien boekjier.
- De bankkosten wurde alle jierren heger. Dit hat al langer de oandacht fan it bestjoer.
- It saldo fan de jierrekken is € 1.426,19 negatyf.
- Under de post 'oare ynkomen/útjeften' falt de ferkeap fan koeke en sûkerbôle.



Der komt in fraach oer de 'Einbalâns oer 2022/2023' mei it totaalbedrach fan € 5.932,77 en it totaalbedrach fan de saldi per 30 april 2023: € 5.922,77. Moat dit net gelyk wêze? Op de gearkomste kin net sa gau in ferklearing jûn wurde. De ponghâlder sjocht it nei en it korrekte oersicht komt yn de folgjende Kritekoer.

5b. Ferslach fan de rekkenopnimbers

De kaskontrôle is útfierd troch Herma Kloosterman en Nieske Schurer. Se ha de rekken yn oarder ferklearre. De gearkomste applaudisearret.

5c. Beneamen fan nije rekkenopnimbers

Nieske Schurer bliuwt in jier yn de kommisje. Siebren Miedema stelt him beskikber. Jan van der Werf is beskikber as reserve.

6. Seizoen 2022/2023

a. Fêststellen fan de begrutting 2023/2024

De ponghâlder jout in taljochting op de begrutting foar it nije kritejier.

- Yn de begrutting is gjin bedrach opnaam foar de stipe fan leden konfoarm it beslút fan de ALG fan septimber 2021.
- Kosten foar de gearkomsten binne heech: se binne begrutte op € 3.100,-
- De begrutting slút mei in negatyf resultaat fan € 1.960,- Dit tekoart kin (in stik) lytser wurde troch de ekstra stipe fan de leden; it ôfrûne jier wie dat € 645,50.

b. Fêststellen fan it programma fan it kommende jier

It programma foar it nije kritejier stiet op side 2 fan de Kritekoer fan septimber 2023. De earste fjouwer aktiviteiten binne net sa djoer. De twa lêste wol. As wy twa grutte (djoere) jûnen hâlde soene, soe it tekoart oer de seis gearkomsten dit jier oprinne nei sa'n € 2.560,-. It tekoart op it ûnderdiel Gearkomsten is no begrutte op € 1.750,- (€ 3.150 -/- € 1.350,-).

Nei wat diskusje giet de gearkomste akkoart mei ien grutte jûn as ôfsluting fan it seizoen. As de ekstra stipe yn 2023-2024 like heech is as ferline jier, wurdt it tekoart sa'n € 1.300,- It beslút fan de gearkomste is: it tekoart moat



net grutter wurde as de lêste jierren. It bestjoer siket no in programma mei ien djoere jûn. Fierder binne der gjin opmerkingen.

c. Fêststellen fan de ynlis foar it kommende jier

It útstel fan it bestjoer is, om de kontribúsje net te ferheegjen; it bliuwt dan € 12,00 it lid. Wol sil om ekstra stipe frege wurde. Nei wat diskusje fynt de gearkomste dat it better is, om in frij bedrach oan de leden te freegjen “mei in minimum fan € 12,00”. Dat moat dan oanjûn wurde yn de begeliedende brief fan de ponghâlder.

Der komt in fraach of der wol trochgien wurde moat mei it tastjoeren fan de ledekaarten. Se binne foar 2023/2024 al printe. De ledekaart soarget foar ekstra porto by it ferstjoeren en it nut is der (suver) net (mear). Gerrita sil dit oan de oarder stelle yn it Bounsbestjoer.

7. Bestjoersferkiezing

Oan bar fan ôfgean binne Pietie Westdijk, Gerrita Otten en Harke Hofman. Pietie Westdijk seit dat har gjin (tsjin-)kandidaten by har opjûn hawwe. De ôfgeande bestjoersleden binne op 'e nij beskikber. De gearkomste giet mei hantsjeklap akkoart mei harren werferkiezing.

8. Omfreegjen en sluten

Omfreegjen

- Geke Tukker seit, dat se ekstra stipe jaan sil oan de krite.
- Pieter van der Meer: It ledejild fan € 12,- yn 't jier betsjut sa'n € 0,25 yn de wike. Hy fynt sels € 1,- yn de wike noch net folle; dan soe de jierbydrage € 52,-- wêze.
- Frou Visser stelt: “As je net mear nei kritejûnen en -middeis gean, dan bliuwe je lid fan de krite.”
- Pietie Westdijk meldet, dat sy fan Pieter van der Meer in artikel út de Telegraaf fan 16 septimber krigen hat. It giet oer de aktivisten fan de Jongfryske Mienskip dy't *'meer aandacht voor de Friese taal en cultuur'* ha wolle. Wa't belangstelling hat kin it lêze.



- Siebren Miedema seit, dat It Frysk Boun om Utens har 100-jierrich jubileum yn Swol fierd hat. Dêr hat it Boun fan de Kommisaris fan de Kening it predikaat ‘Keninklik’ krigen.

Sluten

De foarsitter slút de gearkomste om 14:25 oere.

Oanslutend wurde der noch in pear spultsjes Frysk bingo spile. Rûn 16:00 oere giet elkenien wer op hûs oan.

Jierferslach fan it SELSKIP MEI INOAR IEN oer it tiidrek 1 maaie 2023 – 30 april 2024

De krite en it Boun om Utens

Us krite is oansletten by it Frysk Boun om Utens. Yn 2023 bestie dat Boun 100 jier. Op 16 septimber 2023 is dat fierd yn Swol. Der wie in programma foar de hiele dei. De Kommissaris fan de Kening wie der ek en hy hie grut nijs: sjoen it ûnbidige belang fan it Boun foar de Fryske taal en kultuer hat de Kening kediisd dat it Boun tenei it predikaat Keninklik fiere mei! Tegearre mei deputearre Eke Folkerts langet Brok de bybehearende oarkonde oer oan foarsitter Bijkerk. Fan ús krite ha seis leden en bestjoersleden dizze dei meimakke.

Fan it bestjoer

It bestjoer hat sân kear oerlis hân: op 1 septimber 2023, 3 oktober 2023, 16 novimber 2023, 30 jannewaris 2024, 5 maart 2024, 30 april 2024 en 2 july 2024.

It Frysk Boun om Utens organisearret alle jierren de Algemiene Gearkomste en Moetings- en ynspiraasjemidde. Fan 't jier wie dat – op 16 maart 2024 - by de 100-jierrige krite ‘Waling Dijkstra’ yn Meppel. Hjir hawwe fertsjintwurdigers fan it bestjoer hinne west.



Fan de leden

Op 1 maaie 2023 wiene der 101 leden (ynklusyf 2 eareleden) en op 1 maaie 2024 binne der 93 leden (ynklusyf 2 eareleden).

Aldereinsaken

De âldereinsaken foar de âld-leden fan selskip 'Fryslân' is mei yngong fan maaie 2021 oernaam troch Pietie Westdijk. Foar de âld-leden fan selskip 'Mei Inoar' krije de âldere leden oandacht fan bestjoerslid Trieneke Vos. Mei en boppe de 75 jier krije de leden alle jierren op harren jierdei in kaart en om de fiif jier (in kroanjier) in kadobon foar in blomke. De feiten: der binne 59 kaarten en 10 kaarten mei kadobon foar in kroanjier ferstjoerd. Der binne fan 't jier fiif besites ôflein. De ponghâlder fergoedet de kosten fan de âldereinsaken.

Fan de jûnen/middeis

Op 30 septimber 2023 is de ledegearkomste holden (18 persoanen). Op 4 novimber 2023 wie der in nijsgjirrige middei oer de feehannel en feemerken yn Fryslân (17 minsken). Op 9 desimber 2023 hawwe wy in advntsmiddei hân (19 minsken). De nijjiersbesite wie op 13 jannewaris 2024 (24 minsken). Op 2 maart 2024 wie der in krite middei mei Hymphamp Theater (32 minsken); se brochten it programma 'It tredde portret'. It winterskoft is ôfsluten op 6 april 2024 troch it muzikale duo 'Friersk' (26 minsken).

De bestjoersgearstalling

It bestjoer bestiet út 5 persoanen. De funksjes wiene sa ferdielt:

- Foarsitter: Pietie Westdijk
- Skriuwer: Jan Piet Bergmans → ôfgeand yn 2024
- 2e skriuwer: Gerrita Otten
- Ponghâlder: Harke Hofman
- Lid: Trieneke Vos → ôfgeand yn 2024



Fan de Kritekoer

Meastentiids telt de Kritekoer sa 'n 12 oant 16 siden A5. As it tal siden beheind bliuwe kin ta 8 siden, kin folstean wurde mei in postsegel wearde 1. Jan Piet Bergmans docht it redaksjewurk. Sybren Westra is korrektor. Sybren hat as tank foar syn wurk it boek 'It djippe wêzen fan de Friezen om Utens' krigen. Dit is it jubileumboek fan it Frysk Boun om Utens dat 100 jier bestiet. It boek is skreaun troch Hâns Dijk.

De opmaak en it printsjen fan de Kritekoer wurdt dien troch Gerrita Otten. De ferskiningsdata wurde bepaald troch de datum fan de krite-aktiviteit. De Kritekoer is yn dizze ferslachperioade seis kear útkaam: yn septimber 2023, oktober 2023, novimber 2023, febrewaris 2024 en maart 2024. De Kritekoer fan maaie 2024 falt bûten de ferslachperioade. Dizze lêste Kritekoer is ferskynd yn it ramt fan it 5-jierrich bestean fan de krite 'Mei Inoar Ien'. Op 18 maaie 2024 is it 5 jier lyn dat de krite fan Utert en Seist fusearre binne ta ien krite.

It ferstjoeren fan de Kritekoer wurdt fersoarge troch Harke Hofman en Pietie Westdijk.

Oare aktiviteiten

- De ledemutaasjes komme faak binnen by de ponghâlder fan de krite. Dizze wurde trochjûn oan de oare bestjoersleden. Foar de list fan de 75-plussers wurdt in oersicht makke foar Pietie Westdijk en Trieneke Vos.
- Op de measte kritejûnen binne healsliten en sawat nije Fryske boeken te keap. De ferkeap wurdt dien troch Jan Piet Bergmans.

*De skriuwer,
Jan Piet Bergmans*





Pake Sytse op 'e nij útjûn

It boek 'Pake Sytse' fan Rink van der Velde is útkaam yn 1975. Steven Sterk fan útjouwerij Bornmeer fynt, dat it boek noch altiten fan grutte wearde is. Net allinnich om de rike Fryske taal, dy't de skriuwer brûkt. De strekking is universeel en fan alle tiden. "Ik tink dat elkenien wolris tinkt: wat as ik op 'e nij begjinne koe. Wat soe ik dan dwaan?"

Om de twa jier – as de gemeente Smallingerland de Rink van der Veldepriis útrikt – jout Sterk in boek fan de skriuwer út. No is dat it boek 'Pake Sytse'.

Yn it boek wurdt it libben beskreaun fan Sytse Cavalier. Van der Velde (1932-2001) basearre de haadpersoan op syn omke Sytze Pilat (1896-1979), dy't yn Bûtenpost wenne en buorke. Pake Sytse beslút om nei 40 jier werom te kearen nei syn bertegrûn by De Deelen. Hjir liet er frou en trije bern achter om nei Frankryk te gean. Hy set him te wenjen yn in wenarkje en hat it it leafst dat se him gewurde litten.


Yn 2010 is by it skriuwersarkje fan Rink van der Velde it iepenloftspul 'Pake Sytse' opfierd mei yn de haadrol Freark Smink. Der kamen 10.000 minsken te sjen. Ik haw hjir hinne west. In hiele aparte ûnderfining. De tribune foar it publyk wie yn it wetter boud. Sa hienen wy goed sicht op de wenarke en de omjouwing. It inisjatyf foar dizze foarstelling waard nommen troch útjouwer Steven Sterk. It model foar de haadfiguer yn it boek is Sytze Pilat. Hy wie feehâlder mar ek feekeapman.

Op 4 novimber 2023 hawwe wy in kritegearkomste hân mei as ûnderwerp 'Feehannel en feemergen yn Fryslân'. Hjir is in tsjok boek oer skreaun. Yn diel 3 beskriuwt Dirk Jan Pilat de skiednis fan in Fryske feehannelersfamylje. Siebren van der Zwaag – in pakesizzer fan pake Sytze – wie doe de sprekker op de kritermiddei.



Der is in boek skreaun oer de famylje Pilat, it saneamde Pilattenboek. It boek is útkaam yn 2005. De Pilatten hawwe yn it wykein fan 19 en 20 july 2024 in reüny hân. Dit wie yn de galery fan Pilat & Pilat fan meubelmakker Gjalt yn Twizel. Op dizze gearkomste is op freed 19 july 2024 de werútjefte fan 'Pake Sytse' út 1975 presintearre.

Jan Piet



*Ofbielding: útjouwer Noordboek, Sterck & De Vreese,
HL Books en Bornmeer; www.noordboek.nl*



DE GALANT

Al hiel lang teagen in soad famkes út de legere klassen fan it plattelân nei de grutte stêd om dêr as tsjinstfammen te wurkjen. Dat yn de rin fan 'e tiid binne der guon famkes út Ljouwert nei Amsterdam tein. No, en as se dan in skoftsje yn 'e grutte stêd ferbliuwe, wurde se dameseftich en prate se sa'n elegant Nederlânsk dat de húshâlding thús harren hast net mear ferstean kin.

Koartlyn hearde ik in ferhaal oer in pear ienfâldige minsken dy't yn in doarpke by it spoar yn Fryslân wennen en in dochter hienen dy't yn Amsterdam as tsjinstfaam wurke. No skreau dy dochter har âlden dat se fan doel wie om in pear dagen nei hús en sy soe har *galant* meinimme.

Heit en mem fregen har ôf: 'Har *galant*? Wat soe dat wêze?' Se hienen gjin flau idee. De dochter hie fansels ek skreaun wannear't se komme soe en mei hokker trein. Doe't it safier wie, woenen de âlden it famke fan 'e trein ôfhelje. Har heit sei: 'Ik nim foar alle wissichheid de platte kroade mei foar it gefal sa'n galant miskien wat te swier is om te dragen.'

Mar op it stasjon seach er al gau, dat de kroade net nedich wie! De *galant* wie in feint mei in pear skonken ûnder it liif, dêr't er sels op rinne koe.



*In ferhaal út 1905; boarne: Volksverhalen uit Friesland;
oersetting: Ida Knobbe*



Jirpels

Us mem is gek op pasta,
ús heit hat leaver rys,
myn broer bestelt in pizza
ús pake fynt soks fiis.
Syn wrâld bestiet út jirpels
dêr draait it om by him,
syn jirpelskilersmeske
skylt tinner noch as tin.

Op moandei yt er it Borgers
op tiisdei Reade Star
op woansdei Opperdoezen
op tongersdei Doré's
op freed dan binne it Bildtstar
op sneon de Nicola's
op snein skylt hy Irenes
en beppe seit :

Hawar!

In ierpel of in jirpel
der is gjin dei gelyk,
do bliuwst myn Eigenheimer
fol fleur en dynamyk!

Baukje Wytma





KONTAKT

Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 2718 4195, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer

Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?

Graach maile nei de skriuwer of
ferstjoere nei it krite-postadres.

Slutingsdatum kopij:

woansdei 18 septimber 2024

